

*De Fryske Akademy is in multydisiplinêr ynstút foar de geastes- en sosjale wittenskippen, dat him rjochtet op de kâs Fryslân. De Akademy bestudearret prosessen yn it Frysk, meartaligens, skiednis en regionale identiteit fan no en it ferline. As sadanich docht de Fryske Akademy fûneminteel en fernijend ûndersyk mei in direkt maatskiplik nut. De Akademy leveret fernijende wittenskiplike prestaasjes en ûntwikkelet digitale ûndersyksynstruminten en kolleksjes, dêr 't er de Fryske kâs foar it regionale, lanlike en ynternasjonale fuotljocht bringt. Dêrby wurket er gear mei ferskate nasjonale en ynternasjonale ynstutten. De Fryske Akademy is learre oan de Koninklike Nederlânske Akademie van Wetenschappen (KNAW) te Amsterdam.*

Foar de redaksje fan it Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek sykje wy

## **twa leksikografen (elk 16 à 24 oeren wyks)**

### **Funksje-ynhâld**

- It skriuwen fan wurdboekartikels foar it Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek.

### **Funksje-easken**

- Masteroplieding taalwittenskippen of in oare relevante universitêre stúdzje mei in wichtich taalkundich pakket;
- Memmetaalprater fan it Frysk en it Frysk folslein yn 'e macht hawwe;
- Each hawwe foar detail, foar ferskillen tusken it Nederlânsk en it Frysk en foar feroaringen yn it Frysk;
- Sterke digitale feardichheden hawwe;
- In teamwurker, dy't goed kommunisearje kin.

Do krigest in ynterne oplieding ta leksikograaf.

Wy biede in wurkomjouwing wêryn't oandacht is foar yndividuele kwaliteit.

### **Arbeidsbetingsten**

Wy biede in tydlik tsjinstferbân oan dat sa gau as mooglik yngean kin oant 1 july 2023. Ynskaling is ôfhinklik fan oplieding en wurkûnderfining neffens Ufo-profyl ûndersiker 4 yn skaal 10 fan de *cao Nederlânske Universiteiten*. De Fryske Akademy hat in karmodel foar arbeidsbetingsten.

### **Ynljochtingen**

Mear ynformaasje oer de funksjeynhâld is te krijen by

Hans Van de Velde (senior-ûndersiker) [hvandevelde@fryske-akademy.nl](mailto:hvandevelde@fryske-akademy.nl), tel. 06 13 32 19 89.

### **Gading meitsje**

Do kinst dyn motivaasjebrief en cv foar woansdei 24 novimber 2021 stjoere oan Nora Pratley, P&O-adviseur: [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl); û.f.f. leksikograaf.



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

*Akwisysje wurdt gjin priis op steld.*